

Febrewaris 2020

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 65 nr. 1

Wat sit der yn de koer?

PROGRAMMA WINTERSKOFT 2019-2020

Datum	Lokaasje*	Programma
Sneon 15 febr. 2020	Seist-N	Middei oer Sint Piter Wat is it, hoe is it ûntstien? Ensfh. → sjoch side 4 en 5
Sneon 21 mrt. 2020	Seist-N	Kabaret 'Hy en Sy'

*Utert-B = Bijkershoek, Utrecht

Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist

Boun om Utens

- De Algemiene Gearkomste fan it Boun is op sneon 28 maart 2020.
Wy binne te gast by de krite fan De Haach.
Plak fan gearkommen is kultureel sintrum Prinsenkwartier yn Delft.
- Webstek fan it Boun: www.fryskbutenfryslan.frl.

Ferfier nei de kritemiddei of kritejûn

Nei alle kritegearkomsten ride auto's dy't jo ophelje kinne:

Fryske taksy's!

Om mei te riden: opjaan by Trieneke Vos (030 - 691 6081),
uterlik op de woansdei foar de gearkomste. As de tillefoan net
opnommen wurdt, dit boadskip ynsprekke: "Mei Ik wol
kommende sneon graach meiride mei de Fryske taksy.
Myn tillefoannûmer is"



Wy soargje foar safolle auto's as nedich binne. Jo wurde ophelle by de foardoar en
krije te hearren hoe let jo klear stean moatte. Wy rekkenje der op, dat der nêst it
bestjoer mear leden binne, dy wol in kear **Fryske taksy-sjauffeur** wêze wolle.

Jou jo der foar op!

It doel: elkenien kin meidwaan; wy binne Mei Inoar Ien!



Fan de foarsitter

Wolkom allegearre yn 2020. Wer in nij jier leit der foar ús. Mei faaks moaie dingen, wêr 't wy nei útsjen kinne. Mar miskien ek wol fertrietlike saken, wêr 't wy no noch neat fan witte. En dat is mar goed ek. Lit ús allegearre fol fertrouwen dit nije jier begjinne. Wy sille probearje om in programma del te setten, wêr 't elkenien nocht en wille oan hat. Yn de folgjende Kritekoer kinne jimme alfêst wat lêze oer it seizoen 2020-2021, no binne de ôfspraken dêroer noch net hielendal dúdlik. Ek moatte de sealen noch fêstlein wurde. Mar dêr hawwe wy noch efkes tiid foar.

Alle feestdagen, sa as Krysttiid en âld en nij lizze wer efter ús. Foar it earst hawwe wy as Krite in krystmiddei belibbe. De reaksjes wiene posityf, dus wa wit kommend kritejier!

No sille wy foar it earst Sint Piter belibje. Ik bin tige nijsgjirrich. Ik hie der wol fan heard, mar dat is dan ek alles! Gerrita sil it allegearre fertelle. Mei byldmateriaal wurdt dúdlik makke hoe't it ûntstien is. It programma kinne jimme fierderop yn de Kritekoer fine! Ik hoopje, dat d'r in soad leden komme. Wy sitte yn de grutte seal yn Seist, dus der kinne folle minsken yn.

It is hjoed in mistige tryste dei. Nachts in bytsje frieze, dus moarns de ruten skjin skrabje. Dat heart der allegearre by! Mar it is wol wat nuver, dat wylst de snieklokjes en de krokuskes bloeie, ek myn rododendron prachtich stiet te bloeien! No hoopje ik mar, dat it net hurder begjint te friezen, want dan wurde alle knopkes brún. Ja de natuer feroaret, der hearre wy hast elke dei wol wat oer yn it nijs of yn de kranten. Dus dêr hawwe wy it no mar net oer.

Alle minsken dy 't lêst hawwe fan de gryp, winksje ik betterskip ta en rêstich útsiikje. Graach sjoch ik jimme op 15 febrewaris yn Seist op de gearkomste oer Sint Piter.

Pietie Westdijk-Kaastra





It bestjoer fan
SELSKIP MEI INOAR IEN
nûget jimme út foar de
**Sint
Pitermiddei**

op sneon 15 febrewaris 2020

In gesellige middei mei alderhande nijsgjirrige saken
oer in bysûnder stik Fryske kultuer: it Sint Piterfeest.

Is Sinteklaas itselde as Sint Piter? Wêrom komt hy allinnich yn Grou?

De skiednis fan Sint Piter, it Sint Piter-balslaan en mear!

Programma

Fan 14:00 oere ôf: ynrin mei kofje en tee, sûkelademolke en Sint Piterlekkers!

- Wolkom en ynliding
- Presintaasje diel 1
Skoft
- Presintaasje diel 2
- *Sint Piterseide, dan grienet de wei ...* 🎵

Ûngefear 16:30 oere: ôfsluting en wer op hûs oan.

Datum: sneon 15 febrewaris 2020

Plak: Noorderlichtkerk, Bergweg 92B, Seist

Tiid: ynrin fan 14:00 oere ôf

Kosten: € 7,50


Fryske taksy: opjaan uterlik woansdei 12 febrewaris 2020



Dizze middei ek ferkeap healsliten boeken!



Sint Pipersdei



Sint Pipersdei, Dan grienet de wei, Dan bakt mem stro, Dan keallet de ko, Dan leit de hin, Dan





De krystmiddei op 14 desimber 2019

By de iepening hjitte Pietie Westdijk de minsken wolkom op dizze earste krystmiddei. Foar dizze gelegenheid hie Gerrita Otten kreaze boekjes makke mei krystferskes yn 3 talen: Frysk, Nederlânsk en Ingelsk. Dy ha wy songen mei oan de piano Liesbeth Bonsma. Gerrita hat it krystferhaal 'Einpunt' fan Froukje Annema foardroegen. Dit komt út it winterboek 'De waarmte fan desimber'. Der wie folop lekkers sa as sûkelademolke, glühwein, reade en wite wyn, fris en buorrelhapkes. Nei it skoft ha wy noch in lytse krystkwis dien. De kwis bestie út 10 fragen, mar de fragen wiene wol wat dreech. Mar der is fansels altiten in winner en dy hie 5 fan de 10 fragen goed beantwurde. Nei it sjongen fan de lêste ferskes giene wy om healwei fiven wer op hûs. Út de reaksjes nei de tiid blykt, dat wy werom sjen kinne op in tige gesellige en slagge krystmiddei!

Jan Piet

De nijjiersbesite op sneon 11 jannewaris 2020

Foarsitter Pietie Westdijk koe 31 gasten wolkom hjitte op de nijjiersbesite yn De Bijkershoek. De bêste winsken foar 2020 waarde útsprutsen, foaral de sûnens is wichtich yn dit stik fan saken.

It ôfrûne jier binne trije leden ferstoarn:

Janny Hagg-Brouwer - Se is berne op 25 febrewaris 1930 (De Knipe) en ferstoarn 11 april 2019 (Vianen). Janny hat fan 1979 oant 2004 diel útmakke fan de toanielploech Utert/Seist.

Jimco Zijlstra - Hy is berne op 28 oktober 1933 (Hallum) en ferstoarn 7 july 2019 (Houten). Jimco wie foarsitter fan selskip Fryslân fan 1989 oant 2003.

Pieter Dijkstra - Hy is berne 14 april 1930 (Ljouwert) en ferstoarn 30 oktober 2019 (Nieuwegein). Pieter wenne yn Maarsse en wie in hiel trou lid: hy wie lid fanôf 7 jannewaris 1976.

Mei in momint fan stilte waarden dizze trije minsken betocht.




Dêrnei lies Pietie it gedicht ‘Dy wrâld is dyn wrâld’ foar. Nei it sjongen fan it Frysk folksliet - mei begelieding fan Liesbeth Bonsma op de piano - wie it tiid foar sop, it stampotbuffet en in neigesetsje. Nei it iten hawwe wy noch Fryske ferskes songen.

De meiwurkers fan De Bijnkershoeke hawwe ús in moaie jûn besoarge troch de moaie oanklaaiing fan de tafels en it lekkere iten en drinken!

Jan Piet

De ferdieling fan santjin kij

(út: ‘Volksverhalen uit Friesland’)



Der wie ris in âlde boer mei trije soannen. Hy woe graach alles regele hawwe foar it momint dat hy weireizgje* soe. Om rûzje tefoaren te kommen hie hy besletten om syn santjin kij ûnder syn jonges te ferdielen.

Hy hie it sa betocht: de âldste soan soe de helte krije, de middelste in tredde en de jongste soan in njoggende. Mar hoe moast dat no? Mei santjin kij gong dat fansels net.

Hy liet de notaris komme en lei him it probleem foar: “Sa en sa is myn foarstel”. De notaris klaude him ris efter it ear, prakkesearre in skoftsje en sei doe: “Sjoch, ik haw ek noch in ko yn it lân rinnen, samar foar de aardichheid”. Hy sei: “Dan dogge wy dy derby. Dan hawwe wy achttjin kij. Dêrfan kriget de âldste soan de helte, dat is njoggen, de middelste kriget in tredde, dat is seis en de jongste in njoggende, dat is twa.”

Sa barde it. Eintsjebeslút wie der noch ien ko oer: njoggen plus seis plus twa is einlings santjin. Doe sei de notaris: ‘Hawar, dan nim ik myn eigen ko mar wer mei nei hûs’.

Elkenien wie tefreden en de ferdieling slute as in bus!

Ynstjoerd troch Trieneke Vos

* ferstjerre soe



BESTJOER & MEIWURKERS

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra
til. (030) 2318 224, mail: pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer & redaksje Kritekoer:
Jan Piet Bergmans
til. (0347) 320 093, mail: j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder & lede-administraasje:
Jan Roelants
til. (030) 2010 118, mail: jhw.roelants@online.nl

Bestjoerslid: Harke Hofman
til. (0347) 377 703, mail: harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid & 2^e skriuwer:
Gerrita Otten-Onrust
til. (030) 2625 897, mail: g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Nieske Schurer
til. (030) 2251 447, mail: nschurer@casema.nl

Bestjoerslid: Trieneke Vos
til. (030) 6916 081, mail: tvos51@kpnmail.nl

Aldereinsaken Utert: Frou J. Wielinga
til. (030) 2617 816

Sosjale kommisje Seist: Trieneke Vos (sjoch hjirboppe) &
Boukje Andringa-Brattinga
til. (0346) 216 240, mail: boukjeandringa@kpnmail.nl

Ferstjoeren Kritekoer: Pietie Westdijk en Harke Hofman

Bank Mei Inoar Ien: NL05 INGB 00 00 194027, o.n.f. Selskip Fryslân



Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?
Graach ynleverje by de skriuwer!

Slutingsdatum kopij:

woansdei 26 febrewaris 2020